

Nominaasjes Rink van der Veldepriis

Trije skriuwers komme yn ‘e beneaming foar de Rink van der Veldepriis 2018: Willem Schoorstra foar syn roman *De nacht fan Mare*, Geart Tigchelaar foar *Bêste jonge* en Nyk de Vries foar *Renger*. Op freed 15 juny wurdt de Rink van der Veldepriis 2018 útrikt by de Skriuwersarke op ‘e Feanhoop, dêr’t gemeente, stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) en It Fryske Gea dan in mienskiplik evenemint organisearje. De priis wurdt sûnt 2004 ien kear yn de twa jier útrikt oan de skriuwer fan it boek dat skreaun is yn it Frysk of yn ien fan de Fryske streektaal en it bêste oanslút op it wurk fan Rink van der Velde. Dêrneist moat it boek skreaun wêze foar in breed lêzerspublyk. De winner kriget in byld fan keunstner Anne Woudwijk en in jildpriis fan 2000 euro, beskikber steld troch it FLMD. Yn *Breeduit* binne fraachpetearen mei de trije nominearren te lêzen. Diskear mei Geart Tigchelaar.

Geart Tigchelaar: ‘It moaie oan it libben is dat der altiten ûnferwachte dingen op jins paad komme.’

Geart Tigchelaar (Damwâld, 1987) studearre Frysk oan de universiteit fan Grins. Yn syn studintetiid rjochte er mei trije meistudenten stúdzjeferiening Skanomodu op, dy’t it ferieningsblêd *Skanoskrift* útjoech. Tegearre mei Dirk Jan Muntendam skreau er it boek *De Kweeste fan Ridder Pieter* (2010). Yn 2011 ferskynde syn debút *Lúshâlding*, in allegoarysk ferhaal oer in luzefamylje. Yn 2016 kaam syn dichtbondel *leech hert yn nij jek* út, dêr’t er de Douwe Tammingapriis foar takend krige. Yn datselde jier publisearre er de roman *Bêste jonge*, dêr’t haadpersoan Jarich yn besiket te ûntkommen oan in boargerlik bestean. Ek yn dat jier krige er de Obe Postmapriis foar syn oersetting fan *Erik of het klein insectenboek* fan Godfried Bomans. Geart makket diel út fan de redaksje fan Frysk literêr tydskrift *Ensafh*, dêr’t er ferhalen, gedichten en boekbesprekken yn publisearret. Hy wie earst drummer

by de metalband Kramtried en no by doommetalband Doomwâld. In pear jier werom hat er in lange fytstocht makke troch ferskate lannen. Hy liet him dêrby sponsore en de opbringst gie nei COOP, in ûntwikkelingsorganisaasje dy’t aktyf is yn Afrika.

Yn dyn roman *Bêste jonge* hat haadpersoan Jarich it moai foarinoar sa’t it liket, mei in ferloofde en in fêste baan as dosint en letter in berntsje, mar hy jout de foarkar oan in ûnwis bestean as sinneblomkweker. Wat is krekt syn ûnfrede?
‘Krekt dat er yn sa’n fêst stramyn sit. Hy fielt him in soarte fan finzene en it fljocht him oan as er tinkt de rest fan syn libben sa slite te moatten. It is it maatskiplik ideaal dêr’t er ynienen syn nocht fan hat. Hy is him tagelyk ek bewust dat er dêrtroch in soad krytyk krije sil fan oare minsken. Under it mom dat men faker spyt kriget fan dingen dy’t men krekt net dien hat as fan dingen dy’t men wol dien hat, weaget er de sprong om syn nije dream te folgen.’



Geart Tigchelaar (foto: Pieter Postma)

It ferhaal fan Jarich wurdt ôfwiksele mei it perspektyf fan syn skoanâlden. Wêrom hast derfoar keazen om it ferhaal op dy manier te fertellen?
‘Om sa it ferhaal ek fan in oare kant sjen te litten. Om wat mear ôfstân deryn te krijen mei de haadpersoan haw ik mei sin net foar Tine keazen. Mei de skoanâlden is it noch wol direkt ferbûn en my tinkt in nijsgjirrich perspektyf.’

Wat kinst fertelle oer dyn lange fytstocht in pear jier lyn? Wiest fan doel om de wrâld rûn.
‘Ja, as ik myn eigentlike plan trochsetten hie, dan wie ik noch ûnderweis om’t ik in pear jier lang fuortbliuwe woe. It moaie oan it libben is dat der altiten ûnferwachte dingen op jins paad komme. Men kin wol jins hiele libben yn in fêst ramt jitte wolle, mar dan is alle sjeu der fuort ôf. Ik wie nei in jier yn in caravan yn Denemarken sitten te hawwen weromkommen nei Fryslân om myn fytsreis ta te rieden. Doe haw ik in tsjep jongfaam moete, dat sadwaande is myn tocht ynkoarte ta fjouwer moanne.

Ik bin fia Sweden nei de Noardkaap fytst en troch Finlân, de Baltyske steaten, Poalen en Dútslân werom gien. In pracht fan in aventoer hân en no fytse wy tegearre gauris, dat ik haw gjin tel spyt hân fan myn beslút om werom te gean.’

Silst meikoarten wer in (lange) fytstocht meitsje? Of hast oare plannen?
‘Ik wol alderearst myn boek ôfskriuwe, mar sadree’t de faam klear is mei har stúdzje hawwe wy tegearre plannen om in pear moanne op ‘e fyts fuort. Wêr’t wy hinne sille, moatte wy noch besjen. As men ienkear soks belibbe hat, dan kribelet it al gau wer om op it sadel te springen en de frijheid te priuwen.’

Kinst al wat fertelle oer dyn nije boek?
‘Ja, ik bin dwaande in roman te skriuwen oer myn fytsreis. Of alteast, ik brûk myn ûnderfinings dy’t ik opdien haw en jit dat yn fiksje. Dus it wurdt perfoarst gjin reisferslach, sa fan doe wie ik yn Talinn en doe reinde it en doe koe ik gjin kampearplak fine.’

Tekst: Hedwig Terpstra

Spectaculair theater op Simmerdeis 2018

Simmerdeis maakt er dit jaar een spectaculaire editie van. Van 28 juni t/m 1 juli staat Drachten en omstreken in het teken van muziek, circusacts, straattheater en kindervoorstellingen. Het publiek wordt overspoeld door avontuur en soms zelfs uitgedaagd om mee te doen.

YoungGangsters
Na het succesvolle Old Gangsters Never Die, vorig jaar op Simmerdeis, zijn de

YoungGangsters terug! Welkom bij DisasterLicious, hun gloednieuwe show, over the one and only Hansje Brinker die door zijn vinger in de dijk te steken heel Nederland behoedde voor een overstroming. Hoor de dijken kraken, voel het water rond spatten en doe mee met het avontuur. Gebaseerd op epische rampenfilms als Twister en Deep Impact aan de ene kant en de realiteit van het aardbevingsleed in Groningen

aan de andere, creëert YoungGangsters op Simmerdeis 2018 een eigen rampervaring. Een theaterspektakel in de buitenlucht voor ramptoeristen met stalen zenuwen, dat van vrijdag t/m zondag op Simmerdeis te bewonderen is.

Finestra Aperta - donderdag t/m zondag
De zinderende voorstelling Finestra Aperta, die elke dag van Simmerdeis wordt gespeeld op Gaastereiland (nabij Drachten), laat muziek- en circustheater elkaar ontmoeten. Het vindt overigens de hele maand juni plaats op Gaastereiland, in de grootste bamboedome ooit gebouwd in Europa. Finestra Aperta vertelt over de zoektocht naar balans.

Fascinerende karakters klimmen over touwen, kooien en dwarsbalken. Ze zweven door het luchtruim en tarten de zwaartekracht, geleid door een onvoorspelbare kracht: de muziek. Soms loom, soms opzwepend. Soms in harmonie en soms chaotisch. Zeven acrobaten en vijf muzikanten zoeken samen met het publiek naar evenwicht, houvast. Maar zodra alles in balans lijkt, is er altijd wel iemand die wankelt...



©Hansje Brinker

Sue the Night
Indie popband Sue the Night timmert flink aan de weg. Frontvrouw Suus schrijft de liedjes zelf en heeft de wereld inmiddels kennis laten maken met een prachtig lijstje platen. Ze stonden regelmatig in het voorprogramma van Kensington en Racoon. Het nummer Mind Dear kwam in 2017 uit en leverde niet alleen nominaties op voor 3voor12 album van het jaar én een Edison, maar werd ook nog eens uitgeroepen tot Best Video. Deze relaxte en tegelijk energieke sound maakt het feest compleet op de donderdagavond van Simmerdeis.
The Brahms | vrijdag
The Brahms hadden met hun eerste singel Golden in 2015 gelijk een 3FM Megahit te pakken. Ze stonden in het voorprogramma van The Kooks en zorgden zelf ook al snel voor uitverkochte zalen. Me And My Damn Dreams kwam dit jaar uit en met dit album laat de band weer van een hele nieuwe kant zien. op vrijdag 29 juni op Simmerdeis.

Doe ook mee met kleurenproject van Simmerdeis!

Drachten kan zich voorbereiden op een explosie van kleur! Met hun bonte gezelschap zal Compagnie Artonik op vrijdag 29 juni het terrein en publiek van Simmerdeis alle kleuren van de regenboog geven. In een enorme dans- en theaterparade wordt het publiek uitgedaagd om mee te doen met een dynamische show. Dansers, publiek en performers zullen elkaar kleuren met poeder zoals dit ook in India gebeurt op het Holi Festival. The Color of Time schudt iedereen wakker door te focussen op onze overeenkomsten en juist de verschillen links te laten liggen. Een prachtig project waarin niet alleen veel disci-

plines mixen maar ook iedereen die er aan deelneemt.

Gratis workshop
Lijkt het je tof om mee te doen met deze fantastische parade? Geef je dan op voor 1 van de workshops. Tijdens de workshop leer je in een uur een makkelijke choreografie, die je op 29 juni in het park uitvoert. Op 28 juni vindt de generale repetitie plaats. De workshops vinden plaats op 14 juni om 17.00 uur & 19 juni om 19.00 uur in De Lawei.

Opgeven kan via simmerdeis.nl/programma/artonik-the-color-of-time